

Flaubyt

skreaun foar de boekejûnen fan It Fryske Boek fan 1998

ik ha sa'n honger, jou my wat te lêzen	Gm	C7	Gm
in flaubyt graach, want ik ha sa'n ferlet	Gm	Bb	Cm
drege kost hoecht it wier net te wêzen	Eb	F	
jou my lêsoer, dan bin ik wer red	Eb	D7	Gm

yn boeken kin alles hast barre	G7	C	
foer fol fantasy en idee	G7	C	
en is it soms min te fertarren	F	F7	Bb
dan rekkest yn lêsdjarree	Eb	D7	Gm

der bin boeken dy't dy sa pakke kinne	C7	Gm	
datst net loskomst al wolst noch sa graach	C7	Gm	
do ferjitst dan de wrâld om dy hinne	C7	F	
en lêst dy in stik yn de kraach	Eb	D7	Gm

soms kin it dyn sin ek ferbrûie
en dan wurdt it lêzen ek neat
dan kinst fan dy wurden wol spuie
dan falle dy boeken ferkeard

djipsinnige boeken en draken
soms krûdich en soms wol wat flau
d'r is lêsoer yn echt alle smaken
ferhongerje dochst net sa gau

dyn geast hat ferlet fan dat lêzen
lykas it lichem ferlet hat fan brea
soe der hiel'ndal gjin lêsoer mear wêze
wie it libben op stjerren nei dea

ik ha sa'n honger, jou my wat te lêzen
in flaubyt graach want ik ha sa'n ferlet
drege kost hoecht it echt net te wêzen
jou my lêsoer, dan bin ik wer red